


De Twirre



juny 2019



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 36e jiergong nr. 2: juny 2019. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 augustus by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmiento 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekkennûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite hawwe har opjûn: Ytje Elsenga út Delden en Klaske en Mans Koster út Neede. Wy hoopje dat se it by ús nei 't sin ha sille. Graach oant sjen by ien fan de aktiviteiten fan de krite.

Belangrike data

Tiisdei 10 sept. Kritereiske nei de Súdwesthoeke fan Fryslân; besyk oan it Ir. Woudagemaal en boattocht fanút de Galamadammen. Start: om 8.00 oere by it Van der Valk hotel yn Hengelo. Opjaan, foar 1 augustus, by Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com of 074 - 2918564 of 0651990919

Sneon 19 okt. Kritejûn yn seal Vrieler mei it selskip “Blikstiender” út De Lemmer. Se bringe it programma “Fryslân Heite” mei sketsen út de skiednis fan Fryslân. Oanfang: 20.00 oere.

SimmerTwirre

Dizze Twirre ferskynt oan it begjin fan it simmerskoft. Nei de waarme en o sa droege simmer fan it foarige jier moatte wy mar wer ôfwachtsje hoe't it waar dizze simmer wurdt. Fan 't simmer is der wer hiel wat te belibjen yn it heitelân. Yn dit nûmer steane in oantal fan dy simmerske eveneminten neamd. Op tiisdei 10 septimber is it kritereiske “pland”. Fierderop yn dizze Twirre mear ynformaasje oer it reiske. Der kinne noch minsken mei, mar Vol is Vol! Wy winskje elk in moaie simmer ta en oant sjen yn septimber of oktober!

□ It bestjoer

Kastanje (Dam Jaarsma)

*Kastanje, stek dyn blommen
- Rju kearsen, wyt en rea, -
De hege blauwe loft yn
Ta eale pronk fan 't gea.*

*Draach fier dyn blide kroane
En bylkje op 't skoalleplein
En op 'e boerehiemen,
In keninginne kein.*

*En lit de hôfdo koere
Yn 't tichte griene blêd
Fris yn de iere moarntiid,
Syn sang te ninter sêd.*

*O, lit it foarjierswûnder
Rynsk om dy hinne sjen
Myn bloeiende kastanje,
Maai-moanne' tover-bern!*

Kritejûn op 29 maart by Vrieler mei Sânman en Sikke

De stuollen yn 'e seal binne aardich beset as foarsitter Siebe Hiemstra de jûn iepenet mei in gedicht. Nei it Fryske Folksliet sjonge de Twirresjongers, û.l.f. Hide Walstra, twa ferskes: “De winter is fertige” en “De Maaitiid” (fan Tetman). Sânman en Sikke geane los mei in liet yn in dialekt fan it Frysk, it Ingels. De ploech, besteande út acht manlju, sjongt bekende en minder bekende lieten, foaral yn it Frysk. Faak op teksten fan Fryske skriuwers en dichters: Fedde Schurer (kamperfoelje), Aggie van der Meer (guozzen), en Eppie Dam. In bysûndere bewurking fan de gospel “Swing low, Sweet Chariot” en it fermaaklike ferhaal fan de ûnhandige boufakker, ek bekend as “The sick note” fan de Dubliners. As útsmiter it liet oer jongfolk op 'e klaai fan Rients Gratama. It binne moaie mannestemmen dy't goed op elkoar ynspile binne. It programma wurdt op humoristyske wize oan inoar praat. De begelieding bestiet út gitaar, akkordeon en ritme-ynstrumintsjes. Yn it skoft wurde wer lotten ferkocht dêr't oan it ein fan de jûn wer leuke prizen mei te winnen binne. We kinne ús opjaan foar it Kritereiske dat op 10 septimber plak fine sil, mei as reisdoel de Súdwesthoeke. Yn it skoft kinne we ek boeken liene of keapje fan de boekefoarrie dy't oerbleaun is fan de eardere Boekeferkeap fan it FBoU. In boek te lien kostet 50 sint per boek. Foar 3,00 euro kinne we in boek keapje. En dêr is no toch wol belangstelling foar. □ Ali Bonhof

Dronryp, it Oksendoarp

Yn in fier ferline, earne yn Fryslân, woene hja in tsjerke bouwe. Mar wêr? Hja bûnen twa oksen oaninoar en lieten ze gean. Wêr at se de oare moarns lizze soene, dêr soene hja de tsjerke bouwe. De sloppe grûn dreunde ûnder it draven fan de swiere bisten, en de oare moarns, it wie froastich waar, hong der ryp oan de reiden. Nei it dreunen fan 'e grûn en de ryp oan 'e reiden, waar it doarp

“Dreunryp” neamd, en dat waard letter: Dronryp. Op 'e legere skoalle learde ik al dat Dronryp in o sa foarnaam doarp is, dat hearde yn it rynchje fan Jeruzalem en Rome. Net allinnich om't der foarneamd lju berne binne sa as Eise Eisinga, Alma Tadema en Siebe Hiemstra. Myn master fortelde: Jeruzalem is boud op sân bergen, Rome op sân heuvels en Dronryp op sân terpen.

□ Siebe Hiemstra

Kritereiske op tiisdei 10 septimber

Ek dit jier binne we fan plan om in gesellige deitocht te meitsjen. It sil heve op tiisdei 10 septimber. We hoopje wer op prachtich waar. Op de lêste kritejûn ha al hiel wat minsken har opjûn foar dy dei, mar der kinne noch mear mei. We ride earst fia de polder nei de “Orchideeënhoeve” yn Luttele, dêr’t we kofjedrinke sille. Elk kin dan ek noch even by de blommen sjen. Dêrnei giet it fierder nei it Ir. Woudagemaal by De Lemmer. Dêr krije we in rûnlieding. It Woudagemaal is it grutste noch wurkjende stoomgemaal yn de wrâld. Om it Fryske boezemwetter op peil te hâlden wurdt it ûngefear ien kear yn ’t jier noch brûkt. It gemaal stiet ek al in oantal jierren op de wrâlderfgoedlist fan Unesco. By de Galamadammen geane wy oan board foar in tocht troch Súdwest-Fryslân. Underweis kinne wy genietsje fan in breamiel en fan it Fryske lânskip om ús hinne. Nei de boattocht wer foldien op hûs oan.

We reizgje wer mei de bus fan Richters Reisen út Nordhorn. De kosten sille dit jier ek ûngefear 55 euro wêze. Dat is foar de bus, de lunch, de boat en yntreekosten. Mar net foar de yntree fan de orchideeënhoeve. De museumkaart is net jildich.

De start is wer om 8 oere by Van der Valk yn Hengelo. We tinke om 19.00 oere wer yn Hengelo werom te wêzen. Wa wol noch mei? Opjaan by Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com Tel. 074 - 2918564 of 06 519 90 919. Graach sa gau mooglik en yn elk gefal foar 1 augustus want vol is vol!

□ Grieteke



Rêsthûs

Dêr wie Stegenga ek al wer. Foar in wike as fjouwer is er útkonvooid nei it rêsthûs. Dêr kaam er wer oan en hy wie op 'e fyts. Fûstkje fansels en wat soe 'k oars freegje as hoe 't it foldie. Dat liket net sa min. It moat noch wat wenne, mar dêr sil 'k wol oerhinne komme. Bêst fan iten en drinken. Dat is hiel wat wurdich. En in moaie keamer hear. Dat hoecht net oars. Withoeheech yn 'e loft. Ik kin de hiele wrâld oersjen. Der is fansels wolris wat. Om no mar ien ding te neamen: doe 't ik dêr in dei as wat wie, sei 'k tsjin ien fan de fammen: jimme moatte hjir in bibleteek ha. Wêr kin 'k dy fine? Kom mar, sei se en woe dy flarde my net by de hân krije? Ik sei: no moatst it net al te healwiis betinke. Ik bin gjin bern wol? Ik kin noch mâle skoan rinne. Wat soesto hjir? Ik ha har sein wêr't it op stie. Wie my dat ek in manier, dat sa'n snotterich fanke my by de hân krije woe? Ik ha skerp bier tape. Dy kriget my fuort net wer by de hân. Dat sil ik jo wol fertelle. Der is wolris wat, mar ik kin net sizze dat it my min foldocht. Ei, nee.....

□ Paulus Akkerman út "Wat wie 't wat"

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Wyns, en dat wie net sa moeilik; de moaie Fryske wurden derby wiene dreger. Dêrom jou ik se hjir mar: it earste rychje: waakse, yngreven, nijsgjirrich, storeine; it twadde rychje: waarglês, ychel, nuver, sykhelje. No in puzel oer de grutte âlde adelike hûzen, Staten en Stinzen yn Fryslân; wêr steane se?

Plakken wer't in state stiet:

1. Oentsjerk
2. Oranjewâld
3. Bears
4. Jelsum
5. Ysbrechtum
6. Aldemardum

Nammen fan dy grute hûzen:

- Epemastate
- Staniastate
- Dekemastate
- Oranjestein
- Riniastate
- Uniastate (*dêrfan stiet allinnich de poarte der noch*)

As jo no by elk plak de namme fan de state sette dy't dêr by heart, dan foarmje de begjinletters fan de states yn dy folchoarder de namme fan in ûnderdiel fan in hûs.

□ Eeke

Kopkes

Us mem hie twa soarten kopkes, gewoane en moaie. De gewoane mei barsten en hoekjes derút, stiene yn it oanrjochtkastke, de moaie yn 'e fitrinekast. Deftich en doelleas stiene se te wachtsjen op de erfgenamen. By myn witten wienen se noch noait brûkt. Ik hie in eigen kopke mei in barst. "It smakket der like lekker om," wie har sechje.

Doe 't ik in kear ûnferwachte kaam, hie se besite. Ik seach it yn ien eachopslach: "moaiekopkesbesite". Se siet mei in my ûnbekende dame op it balkon, mei bonbons en twa "fitrinekopkes". "Do komst moai gelegen," sei se. "Wolst even tee ynjitte? Nim sels ek mar in bakje, do wilst dyn kopke wol te finen no?"

It fielde as in film. Ik pakte mysels it moaiste kopke út 'e glêzen kast, sette it op 'e tafel, geat de trije kopkes fol en sei loftich: "Ik kom der ek even by, it liket hjir wol feest." □ Janntsje Oost (Fryske spreukekalinder 2019)

In lytse ûndernimmer

Wy sieten op in terras mei in bierke.

Doe, nei ik tink in lyts kertierke,

in lyts jonkje tsjin my sei:

"Menear, wêr komme jo eins wei?"

Ik sei: "Ut Makkum, hoedat sa mantsje."

*"No," sa sei er, "Ik garje jild út alle plakken
en ik ha noch net in gûne út Makkum."*

Ik lake, want it wie wol goochum betocht.

En wylst ik 'm in gûne socht,

sei ik "It ferskil tusken jild út Makkum

en Snits sjoch ik earlik sein net."

"O ja," sei er, "wol as ik der thús in plakplaatsje op set."

Ik skoftke letter seach ik him mei in grouwe ijsko sitten.

Doe tocht ik, do bist no al in ûndernimmer, sûnder it te witten.

Douwe Visser

De iisfontein yn Dokkum

Lang om let binne yn it ramt fan LF2018 der yn alle Fryske stêden fonteinien kommen. De measten wiene yn de maitiid fan 2018 al yn gebrûk nommen, mar de lêste, dy yn Dokkum, is sûnt febrewaris fan dit jier pas yn wurking. It wie in hiel gedoch foardat it safier wie: De Markt moast earst hielendal op nij ynrjochte wurde. Parkearplakken moasten dertroch ferdwine en it byld fan de 4 manske biskoppen fan wyt beton moast ôfbrutsen wurde. Dat byld, Vitae neamd, gie oer de bekearing fan 'e Friezen ta it Kristendom en de moard op dat plak op Bonifatius.

No ja, jo kinne begripe, dat net daliks elken it iens wie oer dit plak foar de nije fontein. Mar no stiet er dêr! It wie de djoerste fan de 11: hast 7 ton. De fontein is de iennichste op 'e wrâld dy't iis produsearret. Doe't Birthe Leemeijer út Haarlem de opdracht kriige, fûn se daliks dat it eat te krijen hawwe moatte soe mei de ôfgryslke kjeld by de alvestêdetocht fan 1963. By har oan it Noardsee-strân leine dêr doe by eb iisskossen. Dy iisskossen hat se no yn de fontein ferbylde yn 7 lagen yn koper,

meiïnoar 2 meter heech en 3 meter breed. Soms liket it in gletsjer, in oare kear sjogge je iisblommen; moarns kin de fontein hielendal wyt wêze, wylst letter op de dei de oranje-brune kleuren fan it koper better sichtber binne. Doe 't ik der wie sloech de damp der ôf; wetter sjoch je net stromen en dan fine guon Dokkumers it gjin fontein. Hy lûkt wol publyk; ik hie muoite om in foto sûnder minsken te meitsjen en dy minsken praten foar in part ek noch Ingelsk! Sjoch mar ris as jo fan't simmer miskyn ris yn Fryslân binne. □ Eeke



Oer de Fryske taal

Op sosjale media wurdt it Frysk hieltyd populêrder. Frisismen wurde tsjintwurdich faak brûkt as grapke.

- Lieve 17, ik was betijd van bed.
- Daar kan ik niet over. (niet tegen)
- Ik heb te lange boksen. (broekspijpen)
- Valt hier nog wat te redden? (beleven)
- Ik heb het zuiver koud. (bijna)
- Ik zal de auto even zwaaien. (omkeren)
- Hij vindt dat niet zo slim. (erg)
- Zij is geprikt door een neef. (mug)

Rijperkrijte

Alhoewel wij hier thans drie personen in ons dorp hebben welke door de koningin onderscheiden zijn, heeft Hare Majesteit ook deze loop niet in Bokwerd geweest, maar wel in de zogenaamde Rijperkrijte, wat ergens in de onlanden achter Akkrum liggen moet. In 1932 hebben wij daar eens een paar duizend turven weg gehad en dat waren puurbeste, zei de schipper die ze ons aanprate, maar wij hebben het in ons hele leven nog nooit zo koud gehad als in dat winterschoft, want warmte zat er niet aan die turf en wat er in de as van overbleef was klarebare zout. □ Rink van der Velde

Opslagger (*Baukje Wytsma*)

*Om priis en preemje
- alles oan 'e hang -
de stilte foar de opslach.*

*Hy flibet yn 'e hân
trêdet hinn' en wer
en wer werom
en wer,
syn eigen ritueel.*

*Yn it perk
wurde earms losskodde*

*en hannen stevich
op de knibbels plante.*

*Der is gjin wei werom.
Yn de oanloop
fjochtsje hope en twifel,
hân en hert
stjoere de lytse bal.*

*Hy raast it út:
HEE DAAR.....!!*

Eveneminten yn Fryslân Simmer 2019

Skûtsjesilen SKS

- 27 july Grou (start)
- 29 july De Feanhoop
- 30 july Earnewâld
- 31 july Terherne
 - 1 augustus Langwar
 - 2 augustus Ealahuzen
 - 3 augustus Starum
 - 5 augustus Wâldsein
 - 7 augustus De Lemmer I
 - 8 augustus De Lemmer II
 - 9 augustus Snits (finale)

Skûtsjesilen IFKS

- 10 augustus Hylpen
- 11 augustus Starum
- 12 augustus Heech
- 13 augustus Sleat
- 14 augustus Ychtenbrêge (rêstdei)
- 15 augustus Ychtenbrêge
- 16 augustus De Lemmer I
- 17 augustus De Lemmer II (finale)

Keatsen

- 17 - 21 juny Harns Lanekaatsen
- 31 july Frjentsjer PC (manlju)
- 7 augustus Wommels Freulepartij
- 21 augustus Weidum PC (froulju)

Fierljeppen

- 6 july Drylst Twakamp Hollân - Fryslân
- 27 july It Heidenskip Nat. Fierljep Manifestaasje
- 7 augustus Drylst Fryslân Cup
- 10 augustus Winsum Frysk Kampioenskip
- 31 augustus Zegveld Ned. Kampioenskip

Wettersporteveneminten

- 2 - 11 augustus Snits Snitswike
- 7 augustus Snits Hurdsyldei
- 21 - 23 juny De Lemmer Fiskerijdagen
- 28 - 31 augustus Harns Fiskerijdagen
- 29 augustus Balk Gondelfeart
- 30 augustus Aldeboarn Gondelfeart (74-ste kear)
- 18 - 26 oktober Warkum Fiskerijdagen, Strontrace en Liereliet



Tsjerkepaad

Fan 6 july oant en mei 14 septimber binne alle wiken op sneon mear as 250 tsjerken yn Fryslân iepen fan 13.30 - 17.00 oere. Faak binne der frijwilligers oanwêzich om wat te fertellen oer de skiednis fan de tsjerke.

Oare eveneminten

10 juny Boalsert Alvestêdefyftocht

14 - 23 juny Skylge Oerol Festival

26 - 29 juny Boalsert 66ste Heamielagen

26 - 29 july De Feanhoop Feanhoopfestival

29 july De Jouwer Boerebrulloft

17 - 21 july De Jouwer Ballonfeesten

20 - 21 septimber Droegeham Gondelfeart op tsjillen

fanôf 13 augustus Appelskea Fyts-fjouwerdaagse

fanôf 26 augustus Ljouwert Alvestêde-fyftstfiifdaagse

26 septimber De Jouwer Jouster Merke

28 septimber Ald en Nijhoarne Flaeijelfeest

3 oktober Boalsert Bolletongersdei

By de feart (Antsje Mud)

*Wie it ea earme frediger as hjir, oan 'e âlde
Aldegeaster feart? Mei syn earste en syn
twadde bocht, it eilantsje flak foar de iepen
snút, dêr't breedút in wite swan yn driuwket.*

*In fisker fangt syn eigen gedachten en
prakkesearret se teplak. It blauwe boatsje fynt
rêst oan 'e polderdyk. De rappe draafster
op it Fokke Wietske-pad, liket op 'e rin foar
alles wat se dwaan wol en moat.*

*It âljen fan in kealjende ko klinkt
it Gealân oer. Kalm skoot in kano foarby.
In lichte rimp'ling en it is wer stil. Hjir
wit ik altyd, út hokker hoeke de wyn waait.*

Iepenloftspullen

Snakkerbuorren: “Fan mûzen en mannen,” nei it boek fan John Steinbeck. Yn de Doarpstún. Op 26, 28, 29 juny en 3, 4, 5 en 6 july.

Kollumersweach: “Nienke,” spile troch it jeugdteater Masquerade. Oer it libben fan Sjoukje Troelstra - Bokma de Boer, frou fan Pieter Jelles en skriuwster fan Afkes Tiental (as Nienke fan Hichtum). Foarwei 183. Op 21, 22, 23, 28, 29 en 30 juny.

Dronryp: “Turks fruit,” nei it ferneamde boek fan Jan Wolkers. Oan de Haven. Op 22, 26, 28, 29 juny en 5 en 6 july.

Easterwierrum: “Mackbeth,” berne-iepenloftspul. Bewurking fan de klasiker fan Wiliam Shakespeare. Neist it doarpshûs De Tysker oan De Eker. Op 20, 22, 23, 26, 28 en 29 juny.

Brantgum: “De lêste floed.” Nei it boek fan Durk van der Ploeg oer de ôfsluting fan de Lauwersee. It Leechje oan de Ringwei, 20, 21, 22 juny.

Sigerswâld: “Junglekoarts.” Ferhaal dat past by de camping dêr't it opfierd wurdt. Camping De Sieghorst. Op 26, 27 en 28 juny.

Kollum: “Salomon,- het Kollumer oproer.” Yn 1797 wie der it Kollumer oproer, in bloedige perioade yn de skiednis fan it doarp. De lieder, Salomon Levi en Jan Binnes moasten it mei de dea bekeapje. It Maartensplein. Op 4, 5, 6, 7, en 8 july.

Suwâld: “Oera Linda.” Wie it Oera Linda boek in grap of bittere ernst? Greide achter de pleats op Noorderend 22. Op 27, 28, 29 juny en 4, 5, 6 july.

Jorwert: “Neat.” Bassearre op it boek Niets fan Janne Tellers. Oer in groep jongeren út in willekeurich doarp. Boerehiem oan de Hessenreed 3. Op 12, 13, 16, 17, 19, en 20 july.

Jorwert: “Stjer yn it tsjuster.” Nei it boek Dancer in the dark fan Lars von Trier. Yn de Notaristún. Op 31 augustus en 3, 6, 7, 10, 12, 14, 20, 26, 27, 28 septimber.

De Himrik: “Animal farm.” Bewurking fan it boek fan George Orwell oer revolúsje op 'e buorkerij. Speelbos Sparjebird. Op 11, 13, 14, 18, 21, 22, 25 en 27 septimber. □

Tunen

Hast oeral dêr't ik kom, moat ik it tún sjen: “No moatst noch al even by de blommen lâns.” En ik wit wer net wat ik sjoch. Sáfolle kleuren en sa as it rûkt en bloeit en sa as it groeit. En sa fleurich as it is en ik wurd iderkear mei stommens slein. Ik rin hiel foarsichtich want ik bin bang dat ik - per ûngelok - ergens op traapje, want der stiet faaks wer krekt wat yn 'e modder dat noch begjinne moat, dat no noch neat is, mar dat noch wat wurde sil.

Yn myn tún stiet gers, mei koweblomkes en pinksterblommen en bûterblommen. Op guon plakken groeit mos. Dat fearret sa lekker as je der op rinne. Dan is der ek in perkje, mei rozebottelstrûken en de lupinen komme der ek al oan. En ik ha bereklauwen en stikels fansels. Heger as in meter.

As der no ris ien by my op de kofje, tee of gewoan samar komt, sis ik: “No moatst noch al even mei my troch de tún.” En ik gean se foar “Sjoch, dit binne rozebottelstrûken. Se bloeie noch net, mar it

is alle jierren wer in wûnder safolle bottels as der oan sitte, sokke grauwe, reade en oranje. Dêr komme de lupinen, reade en pearse.”

En ik sis dat se foarsichtich oan moatte en in bytsje útsjen, want der sitte wat nuvere greppels yn myn gers. Wy moatte net stroffelje en skonken brekke of ús ophingje oan myn wasklinen.

Dan wiis ik grutsk op myn stikels mei prachtige griene kleuren. Sokke sterke brannettels as ik ha, hat by myn witten gjinien. En hoe heech as se ek binne, se waaie net om. As der wyn is, krije se fan alle kanten de folle laach, mar der hoege gjin steunstokjes by. En sa as se ek stekke kinne, troch broeken en truien hinne. Sokke fitale brannettels haw ik, en sa'n protte. En myn gasten knikke, sizze ja, sizze nee, se hoege gjin stekje mei en mei grutte stappen rinne se om de bereklauwen hinne en se sizze: “Hast in hiele bysûndere tún.”

Ik knik en sis: “En ik doch der neat oan, it komt allegear samar fansels.”

□ Hylkje Goïnga



(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Resept

Kwarktaart.

Springfoarm (24 sm); 250 gram kwark; 100 gr. sûker; pakje fanillesûker; 125 gr. slachrjemme; 6 bledsjes sjelatine; blikje ananas; blikje mande-rijntsjes; pak lange fingers.

De boaiem fan de springfoarm bedekke mei lange fingers. It sop út de blikjes fruchten opfange yn in stâlpantsje. Dêrfan wat oer de lange fingers sprinkelje. De slachrjemme opklopje. De sjelatinebledsjes yn kâld wetter weakje. Kwark en sûker + fanillesûker troch inoar rierde. De fruchtsjes dertroch en dan de opkloppe slachrjemme dertroch. De weakke sjelatinebledsjes goed útknipe en op in sacht pitsje oplosse yn it fruchtesop. Dit op it lêst troch it kwarkmingsel rierde en it gehiel op de lange fingers yn de springfoarm jitte. Foarm yn de iiskast sette om de taart op stiiwje te litten. Mei in skerp meske de taart lossnije fan de foarm, yn punten snije en ompartsje. In hearlik simmerske traktaasje.

Ek lekker mei farske fruchten lykas ierdbeien.

□ Famyljeresep, Ali

Tiden hawwe tiden

Weidloegje. It hea opstekken wie in keunst, it teplak setten wie in keunst. De haaiwein, mei 't hynder der foar. In protte arbeiders yn't wurk.



Nijs út Fryslân

Grutsk op provinsje.

Friezen binne it meast grutsk op har provinsje. Se fiele har it meast ferbûn mei harren provinsje fan alle Nederlanners. Dat docht bliken út in enkête dy't útfierd is yn opdracht fan de NOS en de regionale omroppen, nei oanlieding fan de Provinsjale Steateferkiezingen. Sa binne de Friezen ek grutsk op de taal. Moai dat al iuwenlang sein wurdt dat de taal útstjert, mar noch hieltyd bestiet. De jongerein brûkt it Frysk om te "appen" omdat dat toch meast de sprektaal is. It wurdt dan meastentiids wol fonetysk skreaun. Yn Oerissel fiele de minsken har earder ferbûn mei harren streek, lykas Twente, Salland of de kop fan Oerissel.

Woudagemaal wer op stoom.

Op 12 maart is it Ir. Woudagemaal by de Lemmer wer op stoom brocht om it oerstallige wetter ôf te fieren fan de Fryske marren en kanalen. It ynskeakeljen fan it stoomgemaal is in preventive aksje. De wetterstân wurdt dêr tydlik mei ferlege. It wetter yn de Fryske Boezem stie op dat stuit 10 sm heger as normaal. Neist it Woudagemaal is ek it gemaal de Deining by Marrum ynsetten en kearslûzen binne tichtsetten.

Oranjewâld.

It ferneamde Hotel Tjaarda yn Oranjewâld bestiet dit jier 185 jier. It is ien fan de âldste noch besteande hotels fan Nederlân. Op in krúspunt fan fiif sânwegen begûn de famylje Tjaarda yn 1834 in útspanning. It leit moai yn de bosken en net fier fan it Hearrenfean.

Eartiids wie der ek in grutte boarterstún en in doalhôf, faak de bestemming fan

skoalle-reiskes of deitochtjes.

Dy boartersstún is no al in oantal jierren ferdwûn om plak te meitsjen foar in parkearterrein. □



Boekenijs

Pûlen-yn-de-pot, Sjieuwe Borger. Oer de studintetiid fan Sybren, dy't mei oare leden fan syn jierklub in wichtige posysje yn studin-teferiening Phyllis besykje te fer-ôverjen. Se liede in fleurich libben mei in soad drank, frijerij en - minder fleurich - geslachtssyktes. Hy hat in wat muoisume relaasje mei de moaie, troch depresjes pleage Anjelique. Geregeld makket er in útstapke nei it doarp fan ien fan syn maten. Op it doarpsfeest kriget er kunde oan Tjitske. *Priis: 18,95.*

Harmen van der Meer fertelt, mei foto's fan Henny van den Berg. It libben fan dirigint, muzykmaster en minskeman Harm van der Meer (Bantegea 1940) spile him ôf tusken skoallen, koaren en orkesten, tusken jonge en âlde minsken, yn doarp en stêd en yn it iepen fjild. De minsken en de muzyk joegen him genôch stof om in tal ûnferjitlike ferhalen en anekdoates op te skriuwen, dy't yn dizze bondel sammele binne. De sfearfolle swart-wyt foto's meitsje it ferhaal kompleet; in portret fan in markante man mei in kleurryk libben. *Priis: 17,50.*

De parallaks, Janneke Spoelstra. De Parallaks is de earste roman fan Janneke Spoelstra. It is nei de ferhalebondel *In Jikse-libben* har twadde proazaboek dat folslein yn

it teken fan de libbenswize fan de lesbyske frou stiet. De froulju yn Parallaks wrakselje mei it grutte tal mooglikheden dat it libben fan in lesbienne yn dizze tiid har te bieden hat. Dy mooglikheden - trouwe, bern krije, transfoarmearje ta de oare sekse - binne sa grut, datst dy ôffregest: moast dêr gebrûk fan meitsje? *Priis: 16,50.*

Wy yn 'e draaimûne, Janneke Spoelstra. Dichtbondel dy't tagelyk ferskynt mei har roman. Wichtige tema's binne har berne-jierren yn Hijum, oantinkens út letter jierren en it jier om it ferstjerren fan har heit hinne. Ek guon oare gedichten geane oer freonen en famyljeleden dy't har ûntfallen binne. It titelgedicht giet oer de draaimûne fan it libben, de draaimûne dêr't sy en har freonen as bern yn sieten. *Priis: 12,50.*

As ik kiezen moch...., Harmen Houtman. Ferhalebondel yn it Stellingwerfs. Yn "As ik kiezen moch" steane trije soarte ferhalen. Yn it earste diel lit Houtman sjen dat in lokkige jeugd gjin belemmering hoegt te wêzen foar in fertelling dy't de muoite wurdich is om te lêzen. Dêrnei folge in oantal ferhalen oer de reizen dy't Houtman makke hat. Yn it tredde diel bestean de ferhalen mear út fanstasije en fiksje. *Priis: 14,50.* □ Ali

Witte jo dat

- Je oant april 2022 net oer de Ofslútdyk fytse kinne? Dyk en slúzen wurde yn dy tiid danich ûnder hannen nommen. Simmers meitsje deis sa'n 200 minsken gebrûk fan it fytspaad, yn'e maitiid en hjerst binne dat der tusken de 25 en 50. Dêr sil no ien kear yn't oere in bus foar ride. Yn dy bus is plak foar 15 fytsen en 25 minsken.
- Der in wurdeboek fan it Hylpers ferskynd is? It Graet Hylper Wordeboek is skreaun troch Gosse Blom en Siebren Dyk, 1024 siden dik en kostet 65 euro. Sa'n 400 Hylpers, 40 persint fan de ynwenners, sprekke it dialekt noch.
- It kadoboek, Rosmos, fan de Moanne foar it Fryske Boek al betiid útferkocht wie? Dat betsjut, dat yn maart 1000 minsken in Frysk boek kocht ha en dat is foar de Fryske merk in soad.
- It Frysk Museum op 16 april de miljoenste besiker ûntfongen hat? Klaus en Marie Effing út Múnster krigen blommen fan de museum direkteur en fan kommissaris fan de kening Arno Brok. Se meie ek in pear dagen útfanhûzje yn hotel Lauswolt yn Beetstersweach.
- It museum Belvédère yn Oranjewâld oardel ton krijt fan de provinsje foar needsaaklik ûnderhâld? It museum hie wol mear ha wollen om út te wreidzjen, mar dat fynt de provinsje net earlik tsjinoer oare musea.
- De Ingelske keninginne Elisabeth in brúnzen byld fan in Frysk Hynder kado krigen hat fan kening Willem Alexander en keninginne Maxima?
- De Fryske Akademy op syk is nei minsken dy't bertelepels of oare sierlepels hawwe mei ynskripsjes derop? De Akademy wol graach foto's krije mei de teksten dy't yn de lepels steane om in database oer dy sulveren dingen oan te lizzen. Der wurdt ek ûndersocht hoe't de tradysje ûntstien is en hoe't dy fierder ûntwikkele is.
www.fryske-akademy.nl/leppel of leppel@fryske-akademy.nl
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear hienen wy in âlde foto fan it haventsje fan Oastmahorn by Anjum. Dêr gie eartiids de boat nei Skiermûntseach. Doe't yn 1969 de Lauwersee ticht gie, ferhuze de boat nei Lauwerseach.

Fakânsje

*Thús mei syn foto's
genoat er mear fan Spanje
as doe't er dêr wie.*

Froukje Annema

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

